



de Earra

Jiergong 17, nûmer 71, septimber 2016

De profeet as hoeder

Ofskiedspreek Earnewâld 19 juny 2016

Skriftlêzings: 1 Keningen 22: 1-28
Johannes 18: 28-39

Wat is wierheid? En hoe moat men omgean mei de wierheid? Wat kin men sizze en wat net? It liket sa ienfâldich, mar yn de praktyk fan it deistige libben leit dat hiel yngewikkeld en stekt it hiel nau. De fraach nei wat wier is en wat net, dêr rint men yn it libben allegeduerigen tsjinoan. De fraach wat wier is, is dan ek altyd wer in wichtige libbensfaach. It is de grutte fraach yn de filosofy. De fraach yn alle wittenskippen, yn de rjochtspraak, yn de polityk. Mar ek in wichtige fraach yn de godstsjinst, yn de praktyk fan it leauwen. Yn de beide bibelfragminten dy't wy lêzen hawwe, giet it ek oer it tema 'wierheid'. En wy sjogge hoe't de minsken dermei omgeane. In nijsgjirrich stikje psychology.

Moai waar profeten

Yn 1 Keningen 22, giet it oer de profeet Micha ben Jimla. In echte profeet. Efkes wat oer de eftergrûn fan dit ferhaal. It spilet yn 852 foar Kristus. Israël is dan útelkoar fallen yn twa keninkrykjes. Der is in noardlik ryk mei Samaria as sintrum en Achab as kening (it wie in grutte boef). En der is in súdlik ryk, Juda, mei Jeruzalim as sintrum en Josafat as kening. Aram oftewol Syrië is yn dy tiid in bedriging foar de Israëlitien. It stedsje Ramot yn Gilead (grinsgebiet) hâlde se bygelyks al in skoft beset. En no komt kening Josafat by syn kollega Achab mei it plan om tegearre mei harren legers de Syriërs de toskan sjen te litten en har út Ramot te ferdriuwen. Achab fielt dêr in soad foar. Mar dan seit Josafat tsjin Achab: 'Freegje earst de Heare om in útspraak'. Kening Achab ropt dan syn profeten byelkoar, 400 man (Earnewâld hat 420 ynwenners) en freget har om ried. Ienriedich sizze dy dan dat harren kening de striid seker winne sil. Dy 400 binne saneamde 'hôfprofeten', amtners yn tsjinst fan de kening. De ieuwen troch hawwe oan alle hoven fan sokke mannen west, dy't wol oppasse sille om dingen te sizzen dy't de baas net hearre wol. Men praat ommers mei deselde mûle as dêr't men ek mei yt. Ek dizze 400 hôfprofeten - de profeet Sidkia mei syn izeren hoarnen foarop - binne dan ek o sa ienriedich en per defynysje loyaal oan de kening. Slippedragers en sjerpslikkers, loyaal oan it systeem, ek al is it tsjin better witten yn. En it soe my net fernuverje as dêr oan it hôf in soartemint fan eangstkultuer hearsket. Elkenien is

bang foar elkenien en men sil wol oppasse wat men seit. Oars is it samar by de kening. En dat is net goed foar jins karriêre.

Gjin hoeders en gjin lieder

Kening Josafat hat it spulstje troch en freget oan Achab: 'Is hjir oars gjin profeet dy't wy freegje kinne?' Ja, dy is der wol: Micha, de soan fan Jimla. Mar dat is sa'n ferfelende dwerslizzer, ien dy't allinne mar ûnheil profetearret. Dêrom hat Achab him oppakke litten en him it swijen oplein.

Wy ha heard hoe't it ferhaal fierder giet. Micha wurdt ophelle. Underwiles kriget er fan de boade noch de wink om sa ferstannich te wêzen en praat de kening nei de mûle. Mar Micha is dat net fan doel en seit: 'Sa wier as de Heare libbet, ik sil oars net sizze as wat Hy my seit'. De wierheid dus.

Mar as er dan foar dy beide kenings stiet, seit er hiel synysk: 'Dy oarloch tsjin de Syriërs, dat moat altyd wêze! Dat is wat jim ommers sa graach hearre wolle?' 'Toe no Micha', seit Achab, 'en no in bytsje searjeus graach'. En dan sprekt Micha ben Jimla dizze profetyske wurden:



'Ik seach hiele Israël op de bergen fersille as skiep dy't gjin hoeder mear hawwe. En de Heare sei: 'Se ha gjin lieder mear, lit elk yn frede wer nei hûs ta gean'.

'Hie ik it jo net sein', seit Achab tsjin Josafat. 'Hy profetearret oars net as ûnheil'.

Preekrige

Winterdei binne de tsjinsten yn Earnewâld om en om yn de Agnes tsjerke en yn de Grifformearde tsjerke. De tsjinsten yn de Agnes tsjerke binne almeast yn it Frysk en yn de Grifformearde tsjerke yn it Hollânsk. De FOW tsjinsten binne yn it Frysk of in Frysk dialekt en altyd yn de Agnestsjerke.

25 septimber	09.30 oere	Da. W. Tinga, Grins	Agnestsjerke, (nachtmiel)
2 oktober	09.30 oere	H. Koops, Skettens	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
9 oktober	09.30 oere	m.m.f. Jan van der Wal en Sytze Kobus (oargel, piano, sang)	Griff. tsjerke, NL tsjinst
16 oktober	09.30 oere	E. Stellingwerf-Vinke, Earnewâld	Agnestsjerke
23 oktober	09.30 oere	J. Mulder-Vogelzang, Yndyk	Griff. tsjerke, NL tsjinst
30 oktober	09.30 oere	Ds. J. Huitema, Drachten	Agnestsjerke
6 novimber	09.30 oere	Da. Cazemier, Eelde	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
13 novimber	09.30 oere	G.W. Abma, Ljouwert	Griff. tsjerke, NL tsjinst
20 novimber	09.30 oere	E. Stellingwerf-Vinke, Earnewâld	Agnestsjerke, betinkingstsjinst, NL
27 novimber	09.30 oere	Da. R. van Gulik, Drachten	Griff. tsjerke, NL tsjinst (nachtmiel)
4 desimber	09.30 oere	noch net bekend	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
11 desimber	09.30 oere	E. Stellingwerf-Vinke, Earnewâld	Griff. tsjerke, NL tsjinst
18 desimber	09.30 oere	Da. Y.J. Hiemstra, le	Agnestsjerke (nachtmiel)
24 desimber	22.00 oere	net bekend by redaksje	Krystnachtsjinst
25 desimber	09.30 oere	E. Stellingwerf-Vinke, Earnewâld	Griff. tsjerke, NL tsjinst
31 desimber	19.30 oere	Da. Y.J. Hiemstra, le	Agnestsjerke

De profesij komt út

En dan giet Micha noch efkes troch. Hy neamt de hôfprofeten in stel ligers en sjerpslikkers, beseten troch in kweageast. De profeet Sidkia mei de hoarnen wurdt dan sa lilik, dat hy slacht Micha mei de folle fûst lyk yn it gesicht. Dêr wurdt uteraard neat fan sein en Micha wurdt werombrocht nei de sel. En om't er de kening sa it leksum jûn hat, wurdt er foar straf op rantsoen set.

'Ja, oant ik werom kom', ropt Achab him noch nei. Micha draait him dan noch ienkear om en seit: 'As jo behâlden weromkomme, dan hat it net de Heare west dy't troch myn mûle sprutsen hat!'

Fierderop yn datselde haadstik wurdt dan ferteld, hoe't Achab sneuvelet tsjin de Syriërs. Hy wurdt troffen troch in ferdwaalde pylk.



De dea fan Achab, in tekening fan Gustave Doré foar de Ingelske illustrearre bibel fan 1865.

As er dan thúsbrocht wurdt, dan is er al dea blet. En as de begraffenis west hat en de feinten de wein dy't ûnder it (keninklike) bloed siet, himmelje sille, dan sjogge se dat hûnen de wein al skjinslikke hawwe.

'Wat is wierheid?'

Wat is wierheid? Dêr giet it om yn dit ferhaal yn it profetyske boek 1 Keningen. En 885 jier letter klinkt dyselde fraach út de mûle fan de Romeinske procurator Pontius Pilatus. Hy sit dy deis - it wie op in freed - mei in ferfelend probleem. Hy moat rjochtsprekke oer in wat nuvere man: Jezus fan

Nazaret. De beskuldigings dy't ynbrocht wurde, de arguminten en de bewizen, it is in rommeltsje. En dan seit dy man ek noch dat er in soartemint fan kening is, mar dan fan in ryk net fan dizze ierde. 'Ik bin Kening', seit er, 'dêrfoar bin ik berne en yn de wrâld kommen, dat ik foar de wierheid útkomme soe: elk dy't it mei de wierheid hâldt, harket nei my'. En dan sprekt Pilatus syn bekende wurden: 'Wat is wierheid?'

En hoewol't Pilatus gjin inkelde skuld fine kin yn dy Jezus fan Nazaret, lit er it gewurde dat er dyselde deis noch krusige wurdt, 33 jier âld.

Wat is wierheid? Yn de filosofy is in útspraak wier, as in útspraak de werklikheid werjout. Mar wat is de werklikheid? En sa is de diskusje oer wat wierheid is al ieuwenlang geande. Sa hat der yn de 19^e ieuw in hiel orizjineel tinker west - ik bedoel Friedrich Nietzsche - dy't sein hat: 'Wierheid hat te meitsjen mei macht. Dy't de baas is, bepaalt wat wier is en wat net'.

Ik helje Nietzsche mei opset sin oan, omdat de beide bibelferhalen dêr in foarbyld fan binne.

Yn 1 Keningen 22 stiet Micha ben Jimla allinne tsjin dy 400 hôfprofeten oer, amtners yn tsjinst fan de kening, grize mûzen, loyaal oan it systeem.

It systeem dat basearre is op macht. En dy 400 geastlike liederes hawwe har stik foar stik ynpasse litten yn dat systeem. It systeem dat net allinne machtich is, mar tagelyk ek hillich. En dêrom hat sa'n systeem altyd de wierheid oan har kant. Yn sa'n systeem dat basearre is op macht en eangst, dêr is gjin romte foar in ôfwikende miening of in kritysk lûd. It systeem makket út wat wier is en wat net wier is. En it systeem hat altyd gelyk. Yn sa'n systeem is as it derop oan komt mar ien ding hillich: en dat is net de wierheid, mar dat is it systeem sels. En dy't it net mei it systeem iens is, is in dwerslizzer, in ketter, in dissidint. En dy is yn it foar al feroardiele.

Jezus stie op dy bewuste freed ek each yn each mei sa'n machtssysteem. 'Ik bin berne en yn de wrâld kommen, dat ik foar de wierheid útkomme soe: elk dy't it mei de wierheid hâldt, harket nei my'. 'Wat is wierheid?' is dan Pilatus syn reaksje. 'Wierheid' en 'wierheid', twa likense wurden, mar wat de ynhâld oanbelanget in wrâld fan ferskil.

Twa wrâlden dy't opelkoar botse en elkoar net ferneare. Oan de iene kant de 'wierheid' dy't basearre is op macht en yntimidaasje. Dat is de wierheid fan Achab en de 400 grize mûzen om him hinne. En allyksa de wierheid fan de procurator Pontius Pilatus en syn machtssysteem. En oan de oare kant de wierheid dy't te meitsjen hat mei it Ryk fan God en dy't basearre is op earlikheid, op yntegriteit en op in suver gewisse. Dat is de wierheid dêr't profetyske figueren as Micha ben Jimla en Jezus fan Nazaret foar steane. Yn al har kwetsberens.

Minsken mar benammen organisaasjes kinne min omgean mei macht

In aktueel foarbyld dêrfan binne de saneamde dissidinten en 'kloklieders', guon dy't har steure oan ûnrjocht en misstannen. Dy't kritysk om har hinne sjogge en dy't witte fan de dôfpotkultuer binnen it systeem. Dy't witte hoe't it der om en ta giet en hoe't elkenien him wyslik stil hâldt. Elkenien is bang foar elkenien. Mar de dissidint, kloklieders hat de moed om himsels net mûldea meitsje te litten en syn gewisse sprekke te litten. Hy sjocht fierder as syn eigen belang. Hy wol in tsjinner wêze fan de wierheid en bringt de misstannen oan it ljocht. Sokke minsken moatte fakentiids anonym bliuwe. Want men kin noch sa bot gelyk ha, mar as der oare belangen yn it spul binne: sa'n kloklieders, sa'n dissidint, sa'n ferrieder, sa'n ketter, wa tinkt er wol net dat er is. In misbaksel dat net past yn it systeem.

Dy âlde profeten wiene fan sokke misbaksel. Micha ben Jimla pipe net mei yn it koar fan dy 400 grize mûzen. Hy hie de moed om de wierheid te tsjinjen. Hoe't krekt mei dizze Micha ôfrûn is, dat witte wy net. Hoe't it mei Jezus fan Nazaret ôfrûn is, dat witte wy mar al te goed.

Mar beide ferhalen wolle ús sizze dat it Wurd fan God, it Ryk fan God no krekt te meitsjen hat mei dat profetyske lûd, mei dy krityske dwerslizzers, dy kloklieders, dy dissidinte geasten, dy ketterers dy't har net ynpasse litte yn it systeem dat himsels grut en breed makket, dat himsels hillich ferklearret en mient hearskje te kinnen oer de wierheid en dat it ha moat fan yntimidaasje. En datselde profetyskelûd, dat is no krekt de essinsje fan de bibel, fan it Keninkryk fan God.

Fansels kin in maatskippij net sûnder systemen. By in demokrasy heart in steatsapparaat. En by in tsjerke heart no ienkear in organisaasje. Mar noch it iene, noch it oare is op himsels hillich. It binne mar middels om tsjinstber te wêzen oan it wolwêzen fan minsken. Mar om't sokke systemen sa min omgean kinne mei macht, dêrom is it goed dat der krityske geasten binne, dy't de mûle iepen skuorre: kloklieders, dissidinten, ketterers en profeten. As leauwige minsken moat ús dat oansprekke. Wy besykje ommers boargers te wêzen fan it Keninkryk fan God.

It Godsryk dat wol yn dizze wrâld is, mar net fan dizze wrâld. Foar ús is der ommers in oare Kening en dêrmei ek in oare wierheid.

Amen.

Rienk Klooster

Wêrom ôfskied?

It ûndersteande stik is in part fan in artikel dat ik yn juny skreaun haw foar *Tegearre*, it tsjerkebledsje fan de beide gemeenten yn Earnewâld.

Om't de redaksje it part dat hjirûnder skeanprinte stiet net opnimme woe, woe ik it artikel der ek net yn ha.

Dat soe in ferkeard byld jaan fan de reden wêrom oft ik mei emearitaat gien bin. Omdat ik fan betinken bin dat de minsken dy reden wol witte meie, is it opnommen yn dit nûmer fan *De Earn*.

Mei yngong fan 1 july oansteande sil der offisjeel in ein komme oan myn dûmnyskip yn Earnewâld en op snein 19 juny sil yn de Agnestsjerke de ôfskiedstsjinst wêze. Yn it maart / april nûmer fan Tegearre haw ik in artikel skreaun oer hoe't ik de jierren hjir yn Earnewâld belibbe haw as in hiele positive, konstruktive en weardefolle perioade. Mar wêrom hâld ik der no mei op? De reden dêrfan is net fanwegens de leeftiid. Yn de PKN mei men oant jins 70^e jier ta as dûmny oan in gemeente ferbûn bliuwe. En sa âld bin ik noch net (Ik wit fan in man fan 80 jier âld dy't lieding jout oan in wrâld-tsjerke). It is ek net fanwegens myn sûnens, want dy is poerbêst. It is perfoarst ek net fanwegens it fúzjeproses tusken herfoarme en grifformearde Earnewâld! Dat achtsje ik in goeie saak. En ik haw oars net as goeie oantinkens oan de mienskiplike tsjinsten en oan de dooptsjinst op Palmsnein fan dit jier wol yn it bysûnder. Nee, de reden dat ik mei emearitaat gean, is om't binnen ús tsjerkeried sûnt ein 2015 de goeie harmonije fier te sykjen is. Yn dy sfear is foar my net te wurkjen, teminsten net mei entûsjasme en op in kreative wize. It is spitich, mar it is net oars!

In weromsjen op de ôfskiedstsjinst op 19 juny

Yn de tsjinst op 19 juny haw ik ôfskied nommen fan myn wurk yn Earnewâld. It wie dy deis krekt 33 jier lyn dat ik dêr yn tsjinst kommen bin. Op 19 juny 1983 bin ik befêstige yn Jorwert as dûmny by de herfoarme gemeente Westerwert. Westerwert koe lykwols net in hiele dûmny mear betelje. Om dy reden wie der in pseudo-kombinaasje oangien mei herfoarme Earnewâld, dat ek sûnder in fêste foargonger siet. Sadwaande wie ik foar 25 % fan myn wurktiid ek ferbûn oan Earnewâld. Mei wat goeie ôfspraken oer en wer wie dat altiten goed te dwaan. Yn oktober 2010 waard ik sels offisjeel as dûmny ferbûn oan herfoarme Earnewâld.

Mei it yngean fan myn emearitaat op 1 july is dêr dan no in ein oan kommen. As emearitus mei ik noch wol foargean yn gemeenten, doop en nachtmiel betsjinje en ek amtsdragers befêstigje.

Ik haw lykwols besletten om net folle gebrûk mear te meitsjen fan dy rjochten. Der is no tiid kommen foar oare dingen. Ik folgje frijwat kolleezjes filosofy by de HOVO (Hogeschool voor ouderen) ofwol de Senioare-akademy. Fierder bin ik dwaande mei it skriuwen fan in boek oer it frijsinnich protestantisme yn Fryslân, eins in ferfolch op myn dissertaasje.

Mar no de ôfskiedstsjinst op 19 juny. Dy wie hiel bysûnder. Alderhande minsken út Earnewâld, mar ek in protte kunden en freonen rûnom wei, sieten dy moarns yn de tsjinst.

Ferfolch op side 4

De Earn

Útjefte fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld

Redaksje en administraasje fan de Earn:

Tine van Minnen

Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld

Tillefoan (06) 20 60 04 09

E-post: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Ûnder redaksje fan:

Dr. Rienk Klooster, (06) 39 60 96 64

E-post: klooster.rienk@gmail.com

Tine van Minnen

Jan Lautenbach, (06) 10 92 48 08

E-post: jan.lautenbach@kpnplanet.nl

FOWE bankrekken: NL92 RABO 0349 8140 58

ISSN 1878 - 4348

Meidielings

Gearkomsten

27 septimber – gearkomste bestjoer FOWE yn Earnewâld om 20 oere.

18 oktober – gearkomste kommisje Earnewâldster Rûnte yn Earnewâld om 09.30 oere

Jeften

It bestjoer wol alle minsken tank sizze foar de ynkommen jeften yn it foarbye jier. Sûnder dy ynkomsten soenen wy gâns minder dwaan kinne as no mooglik is.

Earnewâldster Rûnte

Op tiisdei 20 septimber is de Earnewâldster Rûnte wer útein set mei it program foar it winterskoft 2016–2017.

It tema is 'Yn ûnbefongenheid sykje nei God'.

Foar mear ynformaasje en opjaan, sjoch op

www.fowe.org

De folgjende lêzing fan Prof. J.F. Goud is op tiisdei 25 oktober om 19.30 oere.

Ferfolch fan side 3

Hiel hertlik wiene de wurden dy't my nei de preek tasprutsen waarden. Prachtich ek de kado's en de boekebonnen dy't ik yn ûntfangst nimme mocht. Fan de tsjerkeried krige ik in prachtige ikoan fan de apostel Johannes (de apostel mei de ingel). Hiel tapaslik, omdat de wurden 'Wat is wierheid', it tema fan de tsjinst, opskreaun binne troch dyselde Johannes. De ikoan stiet no te pronkjen op myn studearkeamer as in oantinken oan al dy goeie jierren yn Earnewâld.

En dan tink ik benammen oan al dy minsken mei wa't ik op sa'n noflike en opbouwende wize gearwurke haw. Gesellich wie ek de resepsje nei ôfrin fan de tsjinst. Efkes prate mei dy en mei dy. Mei in foldien en bliid gefoel sjoch ik dan ek werom op dy dei.

Bêste minsken, allegearre dy't der wiene op 19 juny, ek út namme fan myn frou wol ik jim tige tankje foar jim kommen, foar jim hertlike wurden en foar de kado's. Wy sille goeie oantinkens bewarje oan dy perioade fan 33 goeie jierren.

Rienk Klooster

Omtinkers

De wierheid dy't freonen jo net fertelle, is it bêste wapen fan de fijân.

Hoe seldsum de wierheid ek is, it oanbod hat altyd grutter west as de fraach.

De wierheid is net te ûnderwizen, allinne te libjen.

Ast altyd de wierheid fertelst, hoechst noait wer wat te ûnthâlden.

De wierheid makket frij, mar earst silst der swier it mier oan hawwe.

Sprek de wierheid, of immen oars docht it wol foar dy.

By ferkeard adres werom nei: Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld

Nij diakonaal doel Wurkferbân

It Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld (FOWE) kiest fan septimber ôf foar de diakonale kollekte yn de tsjinsten foar in nij doel:

de realisasje fan in diakonaal en medysk sintrum foar âlde minsken yn it Roemeenske doarp Nagyajta. It âlderenprojekt helpt likernôch 50 oant 60 âlderen yn it doarp.

De âldereinsoarch stiet yn Roemeenje noch yn 'e berneskuon en waard fanâlds troch de eigen famylje regele. In soad jonge minsken ferlitte it plattelân lykwols om wurk te sykjen, faak yn it bûtenlân.

De âlderein bliuwt ûnfersoarge efter. In nij medysk en diakonaal sintrum yn Nagyajta moat de soargen fan de âlderein ferlichtsje.

It is in projekt fan de tsjerke fan Nagyajta en fjouwer lytse Fryske Mennistengemeenten:

It Amelân, Holwert, Hallum en Stiens.

De kosten fan it sintrum binnen likernôch 165.000 euro, in hiel bedrach foar de fiif tsjerken.

As Wurkferbân wolle wy harren in hantsje helpe troch ien kear yn 'e moanne te kollektearjen.

Yn Nagyajta sizze se: 'Isten Aldjon' (Mei God dy seingje).